

Jierferslach 2017 fan de Ried fan de Fryske Beweging

Algemien

Krekt lykas yn 2016 hat de Ried fan de Fryske Beweging him wer dwaande hâlden mei in protte ûnderwerpen. Hjirûnder wurdt dêr fierder op yngien.

Polityk

Programma's ferskate politike partijen

De Ried hat te set west oer de programma's fan de ferskate politike partijen om te sjen wat hja foar hawwe mei it Frysk en Fryslân. Trije partijen woenen it Frysk yn de Grûnwet opnimme litte (ChristenUnie, CDA en SP). Under oare D66 woe provinsjes ôfskaffe en dêrfoar yn it plak stedsregio's ynstelle.

Ek hat de Ried in brief ferstjoerd nei de ynformateur fan it nije kabinet, mefrou Schippers. Tagelyk is in ôfskrift ferstjoerd nei de politike partijen. De leden fan de Politike Kommisje fan de Ried besykje yn De Haach it ien en oar by de wâl op te krijen.

Oerlis delegaasje POK mei amtners fan it ministearje fan Ynlânske Saken

In delegaasje fan de Politike Kommisje (POK) fan de Ried (Bearn Bilker, Piet Aardema en Jos van de Horst) hat in petear hân mei amtners fan it ministearje fan Ynlânske Saken oer ferskate ûnderwerpen, sa as de behyplike status fan it Frysk yn it ûnderwiis, Dingtiid, de rol fan gemeenten by de útfiering fan de 'Wet brûken Fryske taal' en it streektaliesymposium yn Dimter (fan 7 novimber). Der wie in skeel tusken YS en de POK oer de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis: neffens de amtners (mei de Taalatlas yn 'e hân) falt it wol wat ta. Der sil ek in petear komme mei deputearre Poepjes om deselde ûnderwerpen te bepraten.

Sichtberens Fryske saak

Om de sichtberens foar it Frysk en hoe'st oare Friezen en dan benammen de jongerein der by belûke kinst is kontakt socht mei Jacco de Boer fan Kulturele Haadstêd 2018. Yn gearwurking mei him, Tresoar en Tryater wie der op 24 maaie yn Neushoornkafee in "rjochtssaak" oer it feit dat in ANBI-stifting syn jierferslach net yn it Frysk op it webstek sette mei, mar bygelyks wol yn it Frânsk of Dútsk. Yn de oanrin nei dizze jûn binne der troch Jacco filmkes op ynternet set en is der op Facebook omtinken oan jûn.

Bûtenlânske besites

Berlyn

De Ried wie mei de Provinsje útnûge troch de Beauftragte der Bundesregierung für Aussiedlerfragen und nationale Minderheiten yn Berlyn. Dit is neffens de ôfspraken út it Hânfêst: de sintrale oerheid moat regelmjittich oerlizze mei de nasjonale minderheden. Us regear lit dit slim sloere - ek Dingtiid kriget hjir gjin beweging yn. Pier Bergsma hat út namme fan de Ried mei west nei Berlyn.

Eupen

It Steatekomitee Frysk hat mei de Kommissaris fan de Kening ein augustus op wurkbesite west yn Dútsktalich België: Eupen. In wurkgroep is dwaande om te sjen wat wy yn Fryslân brûke kinne fan harren oanpak.

WOB-fersyk

De Ried hat in WOB-fersyk dien by it ministearje fan Feiligens en Justysje om boppe wetter te krijen hokker ôfwagings makke binne by de reorganisaasje fan de Rjochtbank Noard-Nederlân oangeande de posysje fan de Fryske taal yn relaasje ta de Wet brûken Fryske Taal. Dat hat neat opsmiten.

Neffens it ministearje wie dit in ynterne saak fan de RBNN. De Rjochtbank Noard-Nederlân is al foarme by de Herziening Gerechtelijke Kaart (en doe wie de WbFT der noch net). Wol hat it bestjoer fan de RBNN kontakt mei de Ried opnommen om te oerlizzen. Hja tangelje hjir wol mei om, mar de sleauwens fan de Friezen brekt ús op. Der binne eins gjin rjochtsaken yn it Frysk, skriftlik al hielendal net. De Ried hat der op oantrune dat de rjochters it Frysk ek echt ferstean moatte, dat de parserjochter Frysk prate moat en de boaden ek. Mar de measte minsken wolle eins net iens Frysk prate om't hja bang binne dat dat harren saak wol skea dwaan kin.

Brûken Frysk troch ANBI-ynstellingen

It krewearjen oer it brûken fan it Frysk troch ANBI-ynstellingen by it ferantwurdzjen by de Belêstingsjinst hat fertuten dien. De rjochtlíne is (yntern) oanpast.

Wet brûken Fryske taal

De Ried hat de nije POK (Politike Kommisje) frege om ûnder oaren te set te gean oer de ymplementaasje Wet brûken Fryske Taal. Oan de POK is frege om in lobby datoangeande op te setten en besykje foar inoar te krijen dat de Twadde Keamer ek yn it spier komt. De POK hat in brief ferstjoerd oan de ynformateur.

Wat ús bynt

De Ried hat yn de mande mei oare organisaasjes yn it spier west om WakkerFrl fierder stâl te jaan - ek de Provinsje is oanskood. Besocht is om in 60-tal organisaasjes by inoar te krijen mei it biedwurd *Wat ús bynt*.

Bestjoerssaken

Aant Mulder út Balk is bestjoerslid wurden. Hans Kort hat de taken fan de ponghâlder in skoftke foar it grutste part oernommen fan Meine Bosma. Arjen Dykstra út Nes (D) is yn oktober 2017 de nije ponghâlder wurden. Hy is al langere tiid belutsen by de Fryske saak en is ûnder oaren ponghâlder fan it Bûsboekje.

Folkje Koster út Hurdegaryp is twadde skriuwer fan de Ried wurden.

Pier Bergsma fan it bestjoer hat de foarsittershammer fan Sis Tsiis oernommen fan Abe de Vries. Yn de gearkomste fan de Ried fan maaie is ôfskied nommen fan Wiebe Lageveen út Frentsjer as adviseur fan it bestjoer.

Plombrieven

Der binne plombrieven ferstjoerd nei de Partij voor de Dieren fanwegen de wize wêrop't de Partij van de Dieren harren mei in folslein Frysktalich ferkiezingsprogramma profilearre, op de politike merk op it Waachplein yn Ljouwert op 11 maart lêstlyn, mr. Theo Hiddema fanwegen it brûken fan it Frysk yn de Twadde Keamer en Europarlemintariër Jan Huitema fanwegen it brûken fan it Frysk yn it Europeeske Parlemint.

In nije maitijd en in nij lûd

De Ried hat de provinsje in útstel dien foar in projekt oer digitalisearring en it Frysk: "*In nije maitiid en in nij lûd*". Doel wie om *It Nijs* dan as taalhelpmiddel yn te setten foar it brûken en learen fan it Frysk. De essinsje wie it ynsetten fan de digitale nijstsjinst *ItNijs.frl* as taalhelpmiddel om Friezen te stypjen by it brûken fan it Frysk en it ferbetterjen fan it lêzen, skriuwen en praten fan it Frysk. De Ried hat inisjativen nommen om it Frysk in plak te jaan yn domeinen dêr't noch gjin oanbod fan oare partijen is. Sa publisearret De Ried sûnt 2009 *It Nijs* om't der oars gjin inkeld algemien nijsmedium yn de Fryske taal is dat nijs bringt út de hiele wrâld.

Omrop Fryslân bringt allinnich regionaal nijs en de beide kranten (Leeuwarder Courant en Friesch Dagblad) publisearje allinnich mar yn it Frysk as it oer de taal sels giet of wannear't Frysktaligen streekrjocht oanhelle wurde; en dat lêste is krekt net it moaiste Frysk.

Websiden/tydskriften *Ensafh* en *De Moanne* rjochtsje harren op in lyts (winliken elitêr) publyk.

Fierders is der net folle lêsoanbod yn it Frysk en soks stiet net yn ferhâlding ta de ynspanningen om it ûnderwiis yn it Frysk te befoarderjen: wat hat it foar doel de Friezen yn de eigen taal te alfabetisearjen as der hast neat yn te lêzen falt? De Ried draacht sadwaande mei *It Nijs* fiks by oan de sichtberens fan it Frysk op it ynternet. De kwaliteit/priis-ferhâlding is geunstich, om't der gjin print- en distribúsjekosten binne en om't wurke wurdt mei in beheind tal tige motivearre frijwilligers en dieltiidmeiwurkers. Lykwols de provinsje is net akkoart gien mei it útstel.

Swingel

De Ried is ophâlden mei De Swingel yn de âlde foarm mei de bedoeling om in nij blêd, in glimmer (ek wol glossy neamd) yn de mande mei oaren op te setten.

Fryske Reklamepriis

Foar in opset as de lêste kear, is te min jild; boppedat is de kar út it tal reklamespotsjes mar tige beheind. Dêrom is besletten oan Omrop Fryslân te freegjen om alle Fryske reklame-uteringen op in usb-stick oan te leverjen. De eigen kommisje fan de Ried makket in seleksje dy't yn in eigen ramt op de hiemside komme sil. It publyk sil oproppen wurde om middels de digitale kanalen te stimmen. It iene healjier telefyzjereklame, it oare radioreklame.

Minority Safepack

Yn de mande mei Mercator is in aksjeplan opsteld om minimaal 18.000 hantekens te krijen foar it Minority Safepack Initiative (foar 3 april 2018!), om de rjochten fan talen fan in minderheid yn de Europeeske Uny fêst te lizzen. Yn Europa moatte hjirfoar 1 miljoen hantekens sammele wurde.

Ferhuzing

Begjin july 2017 is ús de hier opsein. It gebou sil delhelle wurde en der komme apparteminten. Mei yngong fan 1 novimber 2017 hat de Ried in nij plak by Tresoar.

Omrop Fryslân

Omrop Fryslân hat in wetlik fêstlein ProgrammaBeliedbepalend Orgaan (PBO). Richt Sterk hat Jabik van der Bij opfolge as de fertsjintwurdiger út namme fan de Ried. It PBO is ynsteld om de befolking ynfloed te jaan op de programmearring. Op papier hat it PBO in protte macht, mar de praktyk is oars. De Omrop fynt net dat hja der binne foar de taalbefoarding. Dêrom is der te min romte foar programma's dy't Frysk stypje.

Fear yn de broek

Op 31 augustus is De Fear yn 'e Broek útrikt oan Bakkerij Nico en Aeltsje de Groot yn Stiens. De Fear wurdt útrikt oan persoanen of ynstellingen dy't har tige fertsjinstlik meitsje op it mêd dêr't de Ried him foar ynset. Yn it ramt fan de aktiviteiten fan de bakkerij en de winkel komt it hearren en sjen, it uterjen en fertoenen fan de Fryske taal op it foarste plak. Bakkerij De Groot is dêrmei in hecht en opfallend beaken fan de sichtberens fan ús Fryske taal en kultuer.

Streektaalkonferinsje op 7 novimber yn Den Haach

Yn de Ried hat in fûle diskusje west oer it wol of net dielnimmen fan de Ried oan de Streektaalkonferinsje op 7 novimber yn De Haach. It Frysk is gjin streektaal, mar de taal fan in erkende (de iennichste yn Nederlân) minderheid. Pier Bergsma hat der hinne west op eigen titel en net as fertsjintwurdiger fan de Ried.

Ferheging stipersjild

Yn oktober is besletten om it stipersjild mei yngong fan it jier 2018 te ferheegjen fan 20 nei 25 euro yn it jier.

KPN

De Ried hat kontakt socht mei KPN om't KPN Omrop Fryslân net mear lanlik trochjaan wol. It hat lykwols neat holpen.

Fan ûnderen op

It liket derop dat fan ús útstel 'Fan ûnderen op' dochs noch wat hingjen bleaun is. Yn Koudum sille û.o. Doarpswurk en BMD dêroer te set.

Fedde Schurerlêzing op 25 novimber

De Fedde Schurerlêzing is hâlden op 25 novimber oer in Universitêre festiging yn Fryslân troch de histoarikus prof. dr. Willem Frijhoff. It tal besikers hold net oer. Foar takomme jier sil neitocht wurde oer in oare opset mei mear organisaasjes.

Wat ús bynt

De startgearkomste fan WUB (Wat ús bynt) sil plakhawwe op tiisdei 6 maart, de jûns om 19.30 oere by Keunstwurk yn Ljouwert. WUB stiet foar it inisjatyf om alle Fryske organisaasjes dy't kleur jouwe oan it eigene fan Fryslân mei-inoar te ferbinen. De ôftraap wurdt dien troch deputearre Poepjes.

Kataloanje

Kataloanje hat foar gâns diskusje soarge yn it bestjoer fan de Grutte Ried. Der is in pear wike letter in ekstra gearkomst belein om dy saak fierder troch te praten. Mar der is gjin ienriedich stânpunt of in ienriedige opfetting útkaam: guon woenen neat dwaan, oaren woenen stipe jaan oan it stribjen nei ûnôfhinklikens.

Oerlis mei UCF (University Campus Fryslân)

De Ried hat in petear hân mei UCF (University Campus Fryslân) om te besjen wat wy foar inoar betsjutte kinne.

Belizzingen by de Rabobank

Der hat in petear west tusken de Rabobank en de ponghâlder oer de belizzingen fan de Ried en de kosten dy't de Rabo dêrfoar yn rekken bringt. It deistich bestjoer fan de Ried hat besletten om ynearsten by de Rabo te bliuwen.

FUEN-kongres

It FUEN-kongres sil op fersyk fan de Ried plakhawwe yn Ljouwert (juni 2018).

Brief oan Raad voor Cultuur

De Ried hat in brief skreaun oangeande it advys fan de Raad voor Cultuur. Wy binne fan betinken dat der in aparte regio Fryslân (RIS) komme moat en dat de Ried in boarge/ fêste sit yn dy Raad krije moat.

Rjochtssaak It Nijs

De rjochtssaak oangeande it brûken fan in foto sûnder tastimming fan de makker rint noch hieltyd.